

Minsken, dy't ôfkomstich binne út lannen dêr't malaria hearsket of hearske hat, kinne drager wêze fan erflike bloedearmoed. Dit om't dragers fan erflike bloedearmoed better tsjin de earnstige gefolgen fan de sykte malaria beskerme binne.

Erflike bloedearmoed feroarsaket meastentiids gjin sykte yn de drager. Draggers binne meastentiids sûne minsken, dy't mooglik in bytsje bloedearmoed hawwe kinne. Hjirfan hawwe hja komselden lêst.

Yn Nederlân wenje in bulte minsken, dy't ôfkomstich binne út lannen om de Middellânske See hinne, Afrika of Asië. In bulte Nederlânske minsken hawwe ek foarâlden dy't fan oarsprong út dy lannen komme. Dizze minsken kinne dragers wêze fan dizze erflike eigenskippen, dy't yn guon gefallen liede kin ta earnstige foarmen fan erflike bloedearmoed, lyk as **thalassemie major** en **sikkelselsykte** by harren bern.

Fanwegen it beskermjend effekt tsjin malaria komt it dragerskip fan de erflike bloedearmoed by 1 op 'e 20 minsken fan de wrâldbefolking foar. Lykwols, alle erflike eigenskippen komme op ûngelikense wize yn de ûnderskate gearstallings fan de befolking foar.


Yn de Nederlânske gearstalling fan de befolking, dêr't malaria nea in earnstige bedriging fan de sûnens west hat, binne dragers fan de erflike bloedearmoed:

- Likernôch 1 op 'e 1.300 minsken fan Noard-Europeeske komôf.
- Likernoch 1 op 'e 30 minsken mei foarâlden dy't fan fier lyn ôfkomstich binne út omkriten mei Malaria.
- Likernoch 1 op 'e 15 minsken dy't koart lyn ôfkomstich binne út lannen om de Middellânske See hinne (Turkije, Marokko, Itaalje, Grikelân ensfh.), Afrika, it Midden- en it Fiere Easten (Sjina,

Yndia, Yndonesië en Súdeast-Asië) en it Karaïbyske gebiet (Suriname, Kurasao, de Nederlânske Antillen ensfh.).

Alhoewol't dragers net folle of gjin lêst hawwe fan harren eigenskip, is it toch wichtich te witten of 't men drager is fan erflike bloedearmoed of net. Hjirfoar kin men trije arguminten neame:

1. Bloedearmoed wurdt gauris mei stieltabletten behannele. By erflike bloedearmoed is sa'n



kuer oer't algemien net nedich en kin sels skealik wêze.

2. Mooglike klachten (wurgens) by dragers fan erflike bloedearmoed kinne bytiden feroarsake wurde troch krapte oan in oare boustof (foliumsûr), dy't ienfâldich tatsjinne wurde kin.
3. De tredde en wichtichste reden is it risiko, dat ûntstiet wannear't beide âlden dragers binne fan erflike bloedearmoed. Dizze sûne âlden kinne nammentlik bern krije, dy't lije oan tige slimme foarmen fan bloedearmoed.

Troch gebrûk te meitsjen fan in ienfâldich bloedûndersyk kin men fêst stelle litte, of't men

drager is fan erflike bloedearmoed. Dit kin troch jins eigen hûsdokter regele wurde en it ienige wat nedich is, is in buiske mei bloed.

Men moat jin foaral net ûngerêst meitsje, wannear't men drager blykt te wêzen fan erflike bloedearmoed. In man of frou dy't drager is fan erflike bloedearmoed hat net folle of gjin klachten! De behandeling fan jins mooglike klachten fan wurgens kin op dizze wize better oanpast wurde. Dragerskip is net besmetlik en kin ek net yn de echte sykte oergean.

As men graach bern hawwe wol en men is drager fan erflike bloedearmoed, is it fan grut belang om te witten of't jins partner ek drager is fan erflike bloedearmoed.

Sûne partners, dy't beide drager binne fan erflike bloedearmoed, kinne sûne bern krije, mar by eltse swangerskip is der in kâns fan 1 op 'e 4, dat der in bern mei tige earnstige bloedearmoed berne wurdt, mei net folle of gjin foarútsjoch op better wurden. (sjoch figuer).

By partners dy't graach bern hawwe wolle en dy't beide drager binne fan erflike bloedearmoed (**risikopear**), is it mooglik om de berte fan earnstich sike bern foar te kommen. As men en/of jins partner drager is, of as men tinkt in mooglik risikopear te wêzen, dan kin men foar neiere ynformaasje nei jins dokter gean en jin troch ferwize litte nei ien fan de Klinysk Genetyske Sintrims yn Nederlân foar erflikheidsadvys en risikoûndersyk.

Op de folgjende side stean inkelde telefoannûmers. Klinysk Genetyske Sintrims binne fêstige yn:

Amsterdam (AMC, 020-5665281)
Amsterdam (VU, 020-4440150)
Eindhoven (040-8888000)
Grins (050-3632929)
Leijen (071-5268033)
Maastricht (043-3875855)
Nijmegen (024-3613946)
Rotterdam (010-4636915)
Utert (030-2503800)

De laboroariums fan de measte grutte sikenhuzen kinne jins bloed ûndersykje op erflike bloedearmoed of kinne nei in specialistysk laboroarium ferwize.

It Nederlânske ferwizings laboroarium foar ûndersyk fan erflike bloedearmoed is it Hemoglobinopathieën Laboroarium fan it Sintrum foar Humane en Klinyske Genetika fan it Leijens Universitair Medysk Sintrum. (071-527-6064). www.hbpinfo.com
Wassenaarsewei 72, 2333 AL Leijen
E-mail: P.C.Giordano@LUMC.nl

Ynformaasjefolder yn dizze foarm opsteld yn jannewaris 2004 troch:

It Hemoglobinopathieën Laboroarium te Leijen.


Ûnder tafersjoch fan:

Pasjinten feriening O.S.C.A.R. Nederlân

Feriening fan Gearwurkjende Alden en

Pasjinten Organisaasje.

Vertaling aangeboden door Dr. O.L. Beiboer



OSCAR Nederland. www.sikkelcel.nl
Multi-etnische organisatie voor patiënten en dragers
van sikkelcelanemie en thalassemie
Van Nijenrodeweg 315,
1082 HB Amsterdam
Tel. 020-6797887
Email: info@sikkelcel.nl

**Erflike bloedearmoed
?**

**Hat ûndersyk by jo sin
?**

**Hereditary anemia
?**

**Should you
be checked for
?**

**Fries
Frysk**